

# PARSEBERJOCHT

7 maaie 2019

## De EU, de regio's en de takomst

Omrop Fryslân en de Europeeske ferkiezingen

**Nei oanlieding fan de kommende Europeeske parlemintsferkiezingen, op 23 maaie, dûkt Omrop Fryslân yn it Europa fan no en de takomst. Wat is Europa eins en wat hawwe de ynwenners deroan? En wat hawwe minderheidsregio's te freegjen en te bieden oan de Europeeske Uny?**

Om de ferkiezingen wat tichterby te bringen, stjoert Omrop Fryslân ûnder oare de programma's 'Europa foar begjanners' en Fryslân DOK 'De grinzen fan Europa' út. Ek yn Fryslân Hjoed, It Polytburo en Buro de Vries is de kommende perioade rom omtinken foar de Europese ferkiezingen. Mear hjiroer op de dossierpagina [Omropfryslan.nl/europa](http://Omropfryslan.nl/europa).

### Europa foar begjanners

Wat is Europa eins en wat hawwe de ynwenners deroan? Yn de wike foar de Europeeske ferkiezingen jout Omrop Fryslân antwurd op dy fraach yn it programma 'Europa foar begjanners'. Emiel Stoffers, bekend as sjonger fan de Hûnekop, giet ûnder oare yn Straatsburg op 'en paad mei Europarlemintariër Jan Huitema. Europa foar begjanners is 21, 22 en 23 maaie te sjen om 17.45 oere.

### Buro de Vries

Radioprogramma Buro de Vries, alle sneinen om 11.00 oere, hat alle wiken in Fryske kandidaat foar de Europeeske parlemintsferkiezingen te gast. Yn it nijsfoarum beprate sy mei oare dielnimmers in tal aktuele tema's.

### Fryslân DOK: De grinzen fan Europa

Yn it trijelûk 'De grinzen fan Europa' siket Fryslân DOK it antwurd op de fraach wat de minderheidsgebieten oan de EU te freegjen, mar foaral ek te bieden hawwe. By de oprjochting fan de EU wie de ferwachting dat Europa der ek foar de minderheden en de regio's wêze soe. Faak moat de EU lavezje tusken it belang fan de minsken yn de regio's en dat fan de naasjesteaten. It docht bliken dat de Brusselske bestjoerders faak kieze foar it lêste.

Tot en met zondag 19 maaie is 'De grinzen fan Europa' fan 17.00 oere ôf alle oeren by Omrop Fryslân op telefyzje te sjen. It programma is ek werom te sjen op [Omropfryslan.nl/fryslanok](http://Omropfryslan.nl/fryslanok).

---

### Noat foar de redaksje:

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommúnikaasje fan Omrop Fryslân: 058 299 7876.

# PERSBERICHT

7 mei 2019

## De EU, de regio's en de toekomst

Omrop Fryslân en de Europese verkiezingen

**Naar aanleiding van de naderende Europese parlamentsverkiezingen, op 23 mei, duikt Omrop Fryslân in het Europa van nu en de toekomst. Wat is Europa eigenlijk en wat hebben de inwoners eraan? En wat hebben minderheidsregio's te vragen en te bieden aan de Europese Unie?**

Om de verkiezingen dichterbij te brengen, zendt Omrop Fryslân onder andere de programma's 'Europa foar begjanners' en Fryslân DOK 'De grinzen fan Europa' uit. Ook Fryslân Hjoed, It Polytburo en Buro de Vries besteedt de komende periode ruim aandacht aan de Europese verkiezingen. Meer hierover op de dossierpagina [Omropfryslan.nl/europa](https://www.omropfryslan.nl/europa).

### Europa foar begjanners

Wat is Europa eigenlijk en wat hebben de inwoners eraan? In de week voor de Europese verkiezingen geeft Omrop Fryslân antwoord op die vraag in het programma 'Europa foar begjanners'. Emiel Stoffers, bekend als zanger van de Hûnekop, gaat onder andere in Straatsburg op stap met Europarlementariër Jan Huitema. Europa foar begjanners is 21, 22 en 23 mei te zien om 17.45 uur.

### Buro de Vries

Radioprogramma Buro de Vries, iedere zondag om 11.00 uur, heeft iedere week een Friese kandidaat voor de Europese parlamentsverkiezingen te gast. In het nieuwsforum bespreken zij met andere deelnemers een aantal actuele thema's.

### Fryslân DOK: De grinzen fan Europa (De grenzen van Europa)

In het drieluik 'De grinzen fan Europa' zoekt Fryslân DOK het antwoord op de vraag wat de minderheidsgebieden aan de EU te vragen, maar vooral ook te bieden hebben. Bij de oprichting van de EU was de verwachting dat Europa er ook voor de minderheden en de regio's zou zijn. Vaak moet de EU laveren tussen het belang van de mensen in de regio's en dat van de natiestaten. Het blijkt dat de Brusselse bestuurders vaak kiezen voor het laatste.

Tot en met zondag 19 mei is 'De grinzen fan Europa' vanaf 17.00 uur ieder uur bij Omrop Fryslân op televisie te zien. Het programma is ook terug te kijken op [Omropfryslan.nl/fryslan dok](https://www.omropfryslan.nl/fryslan dok).

---

### Noot voor de redactie:

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 058 299 7876.